

Yn te foljen troch de Griffier

moasje nû.	
paraaf	
wurklistpunt	

MOASJE, op grûn fan Kêst 29 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	28 juny 2017
Wurklistpunt	04B Ramtnota Begrutting 2018 Underwerp: Stipe Alde Fryske Tsjerken

De Steaten, yn gearkomste by elkoar op woansdei de 28e fan' Simmermoanne,

Oerwaagjende dat

1. Stifting Alde Fryske Tsjerken (SAFT) wichtich wurk docht ta útfiering fan it provinsjale belied op it mêd fan erfoerd;
2. Hja it wichtich fine dat frijkommende momunintale tsjerken hjirmei behâlden wurde dy't fan belang binne as markante eleminten yn it Fryske lânskip, yn doarpen en stêden en as gebouwen mei in yntrinsike kultuerhistoaryske wearde binnen it Fryske erfoerd;
3. De werbestimming fan dizze gebouwen ek fan belang is foar de libbene Fryske mienskip, dy't der troch pleatslike aktiviteitekommisjes nije passende bestimmingen oan jouwe en foar it tanimmende kultuertoerisme yn ús provinsje;
4. De boekjerssubsydzje fan SAFT yn 2009 foar it lêst ferhege is;
5. It tal behearde gebouwen ûnderwilens tanommen is fan 38 nei 49 no (ferwachte 52 yn 2020), wat as in sukses fan it belied beskôge wurde kin;
6. Foar it ûnderhâld, behear, organisearjen fan aktiviteiten en it oanstjoeren en stypjen fan de pleatslike komisjes mei al harren frijwilligers de hjoeddeistige formaasje fan 2,9 fte tekoart sjit;
7. Eigen middels fan de Stifting net foldwaande binne om útwreiding te beteljen;

Konstatearjende dat

1. It Kolleezje hjiroer yn it stik mei de winsken fan de fraksjes by de Ramtnota 2018 skriuwt dat se ûntwikkeling dy't wy sinjearje ek werkenne;
2. In ekstra bydrage foar SAFT oanslút by it besteande provinsjale belied op it mêd fan erfoerd;
3. De provinsje yn 2009 in soad ynvestearre hat yn in grut ûndersyk 'Tink om'e tsjerken' mei alarmearjende útkomsten oer de hûnderten tsjerken dy't de kommende desennia leech komme;
4. De provinsje dêrnei in soad ynvestearre hat yn in 'Deltaplan Fryske Tsjerken' om hjir goed op te antisipearjen;
5. SAFT in wichtige útfierder is fan dit yn gong setten belied;
6. It in wichtige stimulâns is foar dit langrinnende belied om it tanommen wurk fan SAFT ekstra te stypjen;

Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

1. Begjin 2018 ienmalich € 201.000 ekstra ta te skikken oan de Stifting Alde Fryske Tsjerken foar it útfieren fan it wurk yn de kommende trije jier;
2. Dit finansjeel te dekken út it noch beskikbere restant fan de € 20 miljoen binnen de Ramtnota 2018;
3. Yn de rin fan 2017 en 2018 mei SAFT te oerlizzen oer in mooglike strukturele oplossing fan it probleem fan it sterk tanimmende útfierende wurk;
4. Dizze oplossing te besjen yn it bredere ramt fan oplossingen foar de strukturele jildkrapte by (ûnderdielen fan) it provinsjale erfgoedbelied;
5. Hjiroer ein 2018 werom te rapportearjen oan PS.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	<i>(fraksje / namme / hântekening)</i> <i>FNP, Corlienke de Jong</i>
---------------	---